

# Noardburgum sneintemoarn

útbrocht op de LP/CD Húske

't is sneintemoarn	A		
en by mem stiet as altyd	D		
de kofje klear	A		
mar der is ien ferskil	A		
de frou dy't ik sjoch	D		
is ús mem net mear	A		
har holle en hannen	A		
binne fan 't soargjen wurch	A7	D	Dm
o, o, Toutenburg	G	D	A

as ik dêr kom stiet mem al by de doar  
en sy ropt om har heit dy't hiel lang ferlyn al ferstoar  
en oan my, har eigen jonge freget sy it paad nei Surch  
o, o, Toutenburg

't is de omkearde wrâld	Bm	E	
hja is jong en ik bin âld	C#m	F#	
en 'k sil jo sizze	D		
dat is in tryst gefoel	Dm	A	A7
mar eltse sneintemoarn	Bm	E	
hoopje ik: sy is wer gewoan	A7	D	
ús eigen mem	D		
dy't nei my laket	B7		
yn har stoel	E7		

mar ik wit it wol, 't bliuwt hoopjen, 't is net wier  
mar elke snein Noardburgum, 't falt my swier  
teloarsteld, hast gûlend, ferslein en o sa wurch  
kom ik út Toutenburg  
o, o, Toutenburg

© Swaan Postma, op de wize fan "Oh lonesome me"